

# Taspraak cdK Indië-betinking Ljouwert 28 augustus 2019

Bêste âld striders, neibesteanden, famylje, belutsenen, oanwêzigen...

Boargemaster Buma,

Tank oan de organisaasje foar de gelegenheid hjir sprekke te meien. Sprekke op in betinking is en bliuwt spesjaal.

Al wie it mar om de reden - ik ha it even útplúze - dat it tsien jier lyn is dat op dit plak foar it lêst in kommissaris spruts - doe noch fan de Keninginne trouwens.

Dêr stiet hy; 'De Wachter.'

Yn waar en wyn waket hy hjir al 26 jier trou oer syn maten...

Fryske militêren dy't omkamen by de striid yn Nederlânsk Ynje en Nieuw Guinea tusken 1945 en 1962.

168 slachtoffers, ferieuwige yn granyt.

Wy binne hjir byelkoar om harren te betinken.

Elke kear by it sjen fan in betinkingsmonumint grypt it jo oan. Jo bliuwe der as fansels by stilstean.

Dat jild ek foar dit monumint. 168 jonge manlju werfan't it libben eins noch net iens rjocht úteinset wie.

Se fochten yn Nederlâns Ynje.

Nei de kapitulaasje fan de Japanners bruts der yn Nederlânsk Ynje en Nieuw Guinea in ûnôfhinkledheidstriid út. Nederlânske troepen waarden derhinne stjoert om 'orde en gezag' te werstellen. It wie te dwaan om it behâld fan Ynje as koloanje of op syn minst te behâlden as selstannich part fan ús Keninkryk.

Ek yn Fryslân waarden soldaten mobilisearre. Wiene je tsjinstplichtich militêr, dan hiene je gjin kar. Tsjinst wegerje wie gjin opsje. Dêr stie fjouwer jier sel op...

Dus pakten je de boel en namen je ôfskie fan thús, fan frou en bern...

Guon jonges hiene noch nea yn in trein sitten, of de provinsje út west. De wrâld wie it doarp en it doarp de wrâld. Ûnskuldige jonges fan it plattelân.

Dan yn Amsterdam op de boat...

Se hiene gjin idee fan wat har te wachtsjen stie.  
Gjin internet om ynformaasje op te sykjen.  
Gjin What's App om hjeerre te litten hoe't it gie  
Gjin Google Maps om de bestimming te checken.

Dy bestimming wie faak Java. Der stie harren in kultuurshock te wachtsjen. Earmoed, hongere, bedeljende bern. En dan dy hitte.

Nachts patrouilles rinne yn de jungle op syk nei Yndyske striders. Fjochtsje tsjin in ûnsichtbere fijân.

"De dea lei altyd op de loer," fertelde in soldaat in pear jier ferlyn oan de krante. Faber fan Gytsjerk. Hy hâld in dagboek by, dat in pear jier ferlyn yn boekfoarm útkommen is.

Faber syn ferhaal wurdt trochferteld. Krekt as safolle oare ferhalen. Mar nóch mear ferhalen sille we nea hjarre. Want deroer prate, dat diene je net sa maklik at je weromkamen. En dus giene se yn Fryslân mei it grêf yn.

De tarieding foar de missy doe, gie hiel oars as no.

Gjin tropentraining, briefings oer de pleatselike taal, kultuer en gebrûken en “up to date information from the battlescene” fia sateliten.

“We learden yn de tarieding mar ien ding,” sei Faber yn de krante.  
“Minsken deameitsje.”

Beroerd waard hy derfan.

In teken oan de wand, soene je sizze kinne...

Wy witte it no allegear. Dit moatte we ûnder eagen sjen. Op plakken giet it freeslik mis. Guon soldaten misdrage har. Ûnskuldige boargers wurde ôfslachte.

Der dûke ferhalen op oer rassisme ûnder de Nederlânske soldaten. Der ferskine ûndersyksrapporten mei tsjustere termen as “Excessen” en “Structureel extreem geweld.”

De skokgolven dreune lang en djip troch yn ús maatskippij. Koartlyn noch stie it ûnderwerp op de agenda fan de Twadde keamer.

Der binne ek moaie ferhalen oer dy tiid, mar soldaten dy't te goeder trouw wiene, dy't part noch diel hiene oan wreedheden, tógje de lêst mei harren mei. Alle soldaten waarden oer ien kaam helle. En faak mei in skeef each oansjoen at Ynje ter sprake kaam.

Se koene har ferhalen en emoasjes net kwyt. Ek net oan har neisten. En faak út selsbeskerming hâlden se de kaken stiif op elkoar.

We binne yn Nederlân yn it generaal goed yn it wizen fan in beskuldigjende finger. Feteranen wurde yn de hoeke set.

Los fan dyjingen dy't har boekje fier te bûten giene; yn myn betinken fertsjinje feteranen respekt.

Oan hokker striid of oarloch yn it bûtenlân se troch de jierren ek dielnaam ha. Se har har libben riskeard foar in gruttere saak;  
it nasjonaal belang of it ynternasjonaal belang.

At der wat Ynje oanbelanget al mei in fingertsje wizen wurde moat, dan kin je net om de polityk en militaire lieding hinne.

Sy stjoerden ommers de mannen mei in opdracht it fjild yn.  
Mar ek dat is no, santich jier letter, fansels maklik sein.

It ferline bliuwt lêstich. De skiednis hâld ús in spiegel foar.  
Ek persoanlik. Dat kin konfontearjend wêze.

Dat jildt ek foar hoe't wy nei de striid omgiene mei befolkings-groepen dy't in feilich plak sochten yn ús lân. Sa as de Molukkers. Se waarden somtiden opfongen yn kampen en behannele as twadderangsboargers.

Minsken mei de Nederlânske nasjonaliteit...

We moatte altyd omtinken ha foar minderheden.

Kwetsbere groepen yn de mienskip, dy binne it earst oan de beurt by konflikten. Foarbylden genôch ynternasjonaal, slach de krante mar iepen...

Soms stel ik my de fraach hoe't Nederlân en de ynternasjonale mienskip reageare soe at der wer him sa'n sitewaasje foardwaan soe as yn Ynje. Soene we yngripe of de striid foar autonomy gewurde litte?

Pure nasjonale polityk bestiet net mear. De wrâld is feroare. We operearje no yn ynternasjonale ferbânnen. Gelokkich mar. Ek al giet dat lang net altyd fan in leien dakje. Hoe lyts ús lântsje ek is, we rinne net fuort foar ferantwurdelijkheid. Wannear't it mar kin drage wy in stientsje by oan fredesmissies, wêr ek op de wrâld.

Sûnt 16 jier betinke we hjir yn it Rengerspark de slachtoffers fan de striid yn Ynje. It tal minsken dat de betinking bywennet rint tebek. It tal minsken dy't it allegear meimakke hat nimt ôf.

De organisaasje fan dizze betinking beriedet har nei oer de takomstige ynfulling. Ik winskje se in soad wiisheid ta.

Elk betinkt op syn of har eigen wize. Yn it provinsjehûs hinget by de yngong yn de publykshal it fersetskrús. Dit oantinken waard yn 1985 útrikt oan de âld Ynjestridders fan it bataljon Friesland. Dit bataljon bestie út 800 Friezen en Twentenaren dy't nei de twadde wrâldoarloch op fersyk fan Prins Bernhard nei Nederlânsk-Ynje lutsen. Fan dy 800 kamen der 30 om.

Ik wie my bewust de oanwêzichheid hjirfan, mar nei hjoed sil ik der ekstra attent op wêze.

Betinke is belangryk en weardefol. Foar no en foar letter.